



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

Zondag 1 maart 2026

2e zondag in de 40-dagentijd

Wolkom



Alderling fan tsjinst, Elizabeth Mozes, hjit eltsenien yn tsjerke en de minsken dy't thús mei ús ferbûn binne fan herte wolkom.

De blomskikking fan dizze 2^e snein yn de 40-dagentiid wurdt beljochte en útlein.



Woorden bij de schikking:
'Drie bloemen, symbool voor drie vrienden die zorgen, meedragen met de vriend op diens onbekende weg, in vertrouwen groeien.'

Wy sjonge it iepeningsliet, liet 25: 1 en 3: *'Hear, myn God, wol my bewarje! 'k Til*

ta Jo myn hert en hân'



Hjirnei folgje **fotum en groet**

It is moai om no yn de 40 dagen te wêzen en meiinoar út te sjen en te langjen nei Peaske. Dizze 40-dagentiid,

no ek in tiid fan konfrontaasje mei hoe't de wrâld op dit momint is.

Wy **bidde** meiinoar

Us **gebeden** wurde beame troch meiinoar út te sprekken *'Hear, ûntfermje Jo'*.

Wij zingen lied 220: 1, 2 en 4: *'Zoals een bloem zijn kelk heft naar de zon, een boom zijn armen uitbreidt naar de hemel'*

Gebed by de iepening fan de Skrift

Koosje Reitsma is vandaag lector.

De eerste lezing is uit Exodus 24: 12 - 18



Wij zingen lied 313: 1 en 5: *'Een rijke schat aan wijsheid schonk God ons in zijn woord'*

De 2^e lezing is uit Mattéus 17: 1 – 9

Wy sjonge liet 545: 1 o/m 5: *'Kristus stiet yn majesteit mei in ljochtkrâns om him hinne'*.

Preek

De wolken yn 'e Bibel binne oars as reinwolken. Dizze wolken binne in soart fan 'atmosfeer fan ljocht'. It is iets wer't je net trochhinne sjen kinne mar it skynt wol; in wolk fan ljocht, Mozes ferdwynt yn in skynsel. Dêr begjint in wrâld wer't je net yn sjen kinne, in wrâld op himsels. En Jezus bedarret ek mei syn leerlingen yn sa'n wrâld. Yn de sfeer fan it ljocht fan God. Dy wolk is in stikje fan de werklikheid fan God dy't 'm soms in bytsje sjen lit. It is net allinnich in oare diminsje mar it is ek de takomst, de wolk dy't ús fertelt wer't it mei it minskdom hinne giet. It plak

der't God syn plan ús oanrikt wurdt. God hat twa kear syn plan mei de minsken útdrukt: ien kear swart op wyt, op stiennen platen en de twadde kear yn Jezus, syn fleis en bloed. Yn dieden en as in foarbyld. Beide kearen is de drager fan dy bedoeling op de hurde werklikheid fan de minsken stikken brutsen. Mozes brekt de platen stikken en ek Jezus is stikken brutsen op de werklikheid. God hat him der net fan tsjinhâlde litten want Jezus syn ein oan it krús is net it lêste wurd. De dea kin de bedoeling fan God net tsjinhâlde. De minske is net perfekt mar de wrâld wurdt wol perfekt. En op dy wrâld sil der plak wêze foar ús allegear.



De tsjerke wurdt lytser en it is goed dat wy prebearje om der wat oan te dwaan. As wy wolle kinne wy drager wêze fan de bedoeling fan God. En sjen litte dat der

om ús hinne in lyts wolkje is, der't wat fan de takomst yn te priuwen is. De wrâld is net in ferlerne saak. Wy moatte fêsthâlde oan de takomst fan God. De wrâld wurdt sa't God dy bedoeld hat en God hâldt dy wrâld fêst. Wy kinne prebearje om minsken in plak te jaan en hoop te bieden en net bang te wêzen foar de lytsere oantallen. Sykje inoar op en sjoch nei kânsen om wat sjen te litten fan de bedoeling fan god. En ferjit nooit dat Hy by ús bliuwt oan 'e ein fan de dagen ta.

Momint fan stilte

Meiinoar sjonge wy liet 543: 1, 2 en 3: *'Hoe moasten Jo ferneare wat wy Jo oandien ha'*

Tank- en foarbeden

De gebedens wurde ôfsletten mei it **'Us Heit'**



Mededelingen

De blommen gean as groet fan ús gemeente nei Joke en Riekele Heida
1^e collecte: KIA – Libanon
2^e collecte: tsjerklik wurk

Wij zingen het **slotlied**: lied 544: 1, 2 en 5:
'Christus naar wie wij heten heeft met zijn groot geduld de wet en de profeten ten einde toe vervuld'



Sinding en Segen

Wy beame de segen troch meiinoar trije kear 'Amen' te sjongen



Nei de tsjinst
dinke wy in bakje
kofje



Medewerkers

Foargonger:	ds. Liuwe Westra, Lollum
Oargelist:	Mars Van 't Veer
Alderling:	Elizabeth Mozes
Diaken:	Bettie Jongbloed
Koster:	Riekele Heida
Lector:	Koosje Reitsma
Beamer:	Hendrik Hiemstra
Blommen:	Klaaske de Boer
Tekst: CBB	Foto: ROB